

EACH & EAR



UTJEFTE FAN DE FERIENING
FREONEN FAN OMROP FRYSLÂN

FAN IT BESTJOER | ÚTNÛGING JIERGEARKOMSTE
KOART JIERFERSLACH 2022 | FRYSLÂN KIEST
FRAGEN OAN DE FREONEN | OP 'EN PAAD MEI **DE PLYSJE**

39E JIERGONG NR 1 | MAART 2023

Fryslân kiest

KOLOFON:

FREONEN FAN OMROP FRYSLÂN:
Suderkrúswei 2, 8938 AP Ljouwert

OP YNTERNET:
www.omropfryslan.nl/freonen
e-mail: freonen@omropfryslan.nl

Ledebydrage min. € 9,- yn it jier
Banknr.: NL09 RABO 0130 5518 05
(û.f.f. postkoade of lidnûmer)

It lidmaatskip wurdt oangien foar
minimaal ien (kalinder)jier en wurdt
stils wijend fuortset oant it foar
1 desimber skriftlik opsein wurdt.

OMROP FRYSLÂN:
Postbus 7600, 8903 JP Ljouwert
Telefoannr.: 058-2997799
Op ynternet: www.omropfryslan.nl

REDAKSJE EACH & EAR:
Bestjoer Freonen, Omrop Fryslân
Each & Ear ferskynt 4x yn 't jier

ÛNTWERP:
Annika Holtewes

FOARMJOUWING:
Joël Puik

PRINTWURK:
Caparis Grafysk Sintrum

FERSTJOEREN:
FRL post



9

11

YNHÂLD

FAN IT BESTJOER 4

ÚTNÛGING JIERGEARKOMSTE 5

KOART JIERFERSLACH 2022 6

MEIDIELING
LEDE-ADMINISTRAASJE 7

ÚTSLACH KRYPTO DESIMBER 7

FRAGEN OAN DE FREONEN 8

FRYSLÂN KIEST 9

FAN BINNENÛT
OP 'EN PAAD MEI DE PLYSJE 10

OMROP FRYSLÂN PANEL 11



10



FAN IT BESTJOER

De earste Each & Ear fan dit jier leit wer foar jimme. It is moai om te sjen dat de gearwurking mei Omrop Fryslân him sa posityf ûntwikkelet. Dizze Each & Ear is it resultaat fan ús mienskiplike ynspanning. Wy wolle eltsenien betankje, dy't dêr ta bydroegen hat.

In oar foarbyld fan dit nije tinken is de Algemiene Ledegearkomste. Lang om let kinne we en doarre we dy wer te organisearjen en it kin wer op de bêst mooglike lokaasje: by Omrop Fryslân. De ledegearkomste sil plakhawwe op **woansdei 19 april 2023**, we begjinne om 20.00 oere en ferwachtsje in oere as 22.00 klear te

wêzen. De útnûging foar de gearkomste fine jo op de folgjende side yn dizze Each & Ear.

Fierder sjogge wy mei de Omrop werom op de 'Fraach oan de Freonen' en de reaksjes dy't dêr op kaam binne. Fansels is der wer in nije fraach, want de Omrop hat in protte oan de opmerkings fan de Freonen. Tank oan de minsken, dy't reagearre ha en we hoopje op in soad reaksjes op de nije fraach. De priiswinner fan de Krypto-rebus wurdt bekend makke en boppedat wurdt der mear ynhâldlik sjoen nei de programma's fan de Omrop.

We winskje jimme in soad lêswille en hoopje jimme op 19 april te sjen by de algemiene ledegearkomste fan de Freonen fan Omrop Fryslân. Ferjit net jo op tiid oan te melden.

Ta eintsjebeslút: we sykje in meiwurker foar de wurkgroep fan de Each & Ear. Fiele jo dêr wat foar, lit it ús dan witte fia freonen@omropfryslan.nl.

Bestjoer Freonen Omrop Fryslân

ÚTNÛGING JIERGEARKOMSTE

Woansdei 19 april 2023 fan 19.30 oant 22.00 oere

19.30 oere Ynrin: kofje mei wat lekkers derby

20.00 oere Wolkomstwurde troch de foarsitter
Foarstellen bestjoersleden
Spesjaal wolkom en ôfmelding
Programma

20.15 oere Ferslaggen
Jierferslach
Finansjeel jierferslach
Kaskontrôle
Desjarzje ferliening
Nij lid kaskommisje

20.35 oere Wizigingen yn it bestjoer fan de Freonen fan Omrop Fryslân
Algemiene Bestjoer en Deistich Bestjoer
Wurkgroepen
Trijehoeke oangeande gearwurking
Finansiering/stipe
Tankwurd

20.45 oere Skoft mei kofje en tee

21.05 oere Direkteur Omrop Fryslân oan it wurd: Houkje Rijpstra

21.15 oere Miranda Werkman fertelt it ferhaal 'fan binnenút'

21.35 oere Ein fan de gearkomste

22.15 oere Ein fan de jûn

Nei de gearkomste is der noch gelegenheid om eefkes te bliuwen en nei te praten of fragen te stellen ûnder it genot fan in hapke en in drankje.

Piter Wilkens en Griet Wiersma binne it muzikale duo fan dizze jûn.

Wy hoopje fansels dat jimme hjirby oanwêzich wêze sille en wolle graach witte op wa't wy rekkenje kinne. Opjaan kin fia freonen@omropfryslan.nl

P.S. Pietsje fan Gerrit hat har al opjûn

Wat
Jiergearkomste

Wannear
woansdei 19 april 2023

Wêr
Omrop Fryslân,
Suderkrúswei 2 8938 AP
Ljouwert

Hoe let
20.00 oere.
Ynrin fan 19.30 oere ôf

Opjaan
Fia freonen@omropfryslan.nl

KOART JIERFERSLACH 2022

It jier 2022 stie noch altiten yn it teken fan Corona. Mar gelokkich koene we yn de rin fan dit jier stadichoan wat mear by elkoar komme en wie der hieltyd wat mear romte om wat te organisearjen. Foar de jiergearkomste yn april wie it noch te betiid. It Frysk Diktee, dat mei finansjele stipe fan de Freonen op 17 maaie útstjoerd waard, koe aldergeloks wol trochgean, yn in nije opset wêryn't ferskate teams it tsjin elkoar opnimme koene. It team fan de Freonen behelle hjir in prachtich twadde plak.

De opnamen foar Fljimsk, dy't eins ek al op it programma foar 2021 stiene, koene lang om let plakhawwe yn oktober yn 't Haske op 'e Jouwer. Mei in seal fol Freonen binne der opnamen fan dy foarstelling makke en útstjoerd op 29 en 30 desimber.

De nijsbrief-edysje fan Each & Ear hawwe we dit jier trije kear útbrocht.

Klankboerdgroep

Der hawwe 4 gearkomsten west yn 2022. Omrop Fryslân waard dêrby fertsjintwurdige troch Ingrid Spijkers (Haadredakteur) en Jitske de Hoop (kontaktpersoan foar de Freonen). De klankboerdgroepleden fan 2022: Akkie Lindeboom, Doutsje Hoekstra, Dukkje van der Ploeg, Susan ten Kate, Hylke Beerstra, Fokke Stoker, Vera Stilma (bestjoer), Aebe Tuinenga (bestjoer).

Yn de gearkomsten binne ûnderwerpen bepraat lykas de ûntwikkelingen op de redaksje, de Fryske taal by de Omrop, de útstjoeringen fan de tsjerketsjinsten en Simmer yn Fryslân, en (nije) programma's. Klankboerdgroepleden freegje ek harren omjouwing om de miening oer de programma's. Omrop Fryslân nimt de ynformaasje mei by de evaluaasjes fan programma's. Yn de lêste gearkomste hawwe mar leafst fjou-

wer klankboerdgroepleden ôfskied nommen. We wolle Doutsje, Dukkje, Susan en Fokke nochris betankje foar harren ynset, se wiene fan it begjin ôf belutsen by de klankboerdgroep.

Fiele jo der wat foar om de klankboerdgroep te fersterkjen, lit it ús dan witte! Dat kin fia freonen@omropfryslan.nl.

Tal leden

It tal leden rint hurd werom. Ein 2022 wiene der noch 2492. Nije leden binne der net folle by kommen. Wy ha ek te min aktiviteiten op dit mêd ha kinnen.

Finansjeel jierferslach

It jier 2022 is ôfsletten mei in lyts ferlies. Feroarsake troch û.o. minder ynkomsten fan de leden oan de iene kant en ekstra kosten oan 'e oare kant, bygelyks foar stipe om de bestjoersstruktuer fan de Freonen fan Omrop Fryslân te feroarjen. Boppe-

dat hawwe we dit jier € 5000,- jûn oan Omrop Fryslân foar it Frysk Diktee en is der € 5000,- reservearre foar it HEA jubileum, dat yn 2023 organisearre wurdt.

Jo kinne de sifers ynsjen op de ledegearkomste yn april.

Bestjoer

Yn it bestjoer ha der gjin wizigingen west. We hawwe yn totaal fjouwer kear by elkoar west.

Ut namme fan it bestjoer:

Foarsitter: Vera Stilma
Sekretaris: Gretha van der Meulen
Ponghâlder: Geert Kingma
Algemien/fertsjintwurdiger klankboerdgroep: Aebe Tuinenga
Algemien/Each & Ear: Saskia Kuitert

Utslach krypto-rebus

De oplossing fan de krypto-rebus fan de nijsbrief fan desimber 2022 is:

“WA'T EARST YN DE ROEF KOMT, HAT KÂNS FAN PLAK.”

Ut alle ynstjoerings ha wy in priiswinner lutsen. De winner fan de dinerbon is wurden: **de heer Sjoerd Spoelstra fan Urk**. Tige lokwinske mei dizze priis.

Lede-administraasje

Wy wurkje foar de Freonen mei in ledebestân fan Davilex. Spitigernôch wurdt dit programma meikoarten net mear ûnderstipe en moatte wy op in oar systeem oerstappe. We binne op dit stuit dwaande mei it oersetten fan de gegevens nei it nije systeem. De kommende tiid sille we noch in soad leare en ynfiere moatte. Dêrtroch kin it somtiden wat langer duorje foar't jo antwurd krije as jo fragen ha oangeande de lede-administraasje.

Us doel is om it better en makliker te meitsjen.

FRAGEN OAN DE FREONEN

Yn de lêste: 'Fragen oan de Freonen' hawwe wy ferline kear de fraach foarlein:

Harkje jo de lêste perioade mear, minder of likefolle nei Omrop Fryslân radio en wêrom?

Dêr hawwe wy in flink oantal reaksjes op krigen. In grut diel (mear as de helte) jout oan in protte te harkjen. Ien fan de Freonen jout oan hiel wiis mei de Omrop te wêzen, omdat it liket dat oare radiostasjons it hieltyd allinnich mar hawwe oer de el-

Reaksje Omrop Fryslân

Omrop Fryslân besiket op de radio in breed publyk oan te sprekken, mei ynformaasje, nijs, muzyk en kultuer, mar hat dêrby mear as ea ek konkurrinsje fan oare radiostjoerders, publyk en kommersjeel. It oanbod dêr't de Friezen út kieze kinne, is enoarm. Omrop Fryslân kiest dêrom foar in brede mjuks oan muzyk. Dus foar âld én jong. En by it behanneljen fan ûnderwerpen is de Omrop faak saaklik, mar soms wurdt ek keazen foar in mear persoanlike benadering. De balâns tusken muzyk, ynformaasje, saaklik en persoanlik is hast alle dagen ûnderwerp fan petear op de

linde yn de wrâld, mar "jim stjoere altyd nijsgjirige programma's út. Ik genietsje by elts programma. Hâlde sa!". In stikmannich oare respondinten jout oan dat harren radio (hast altyd) op Omrop Fryslân stiet: "De radio stiet dagelijks standaard ôfstemd op radio Omrop Fryslân en mei genoegen".

In oantal Freonen is ek kritysk. Guon fine de muzyk "tefolle fan dizze tiid", of hawwe just argewaasje fan it praten tuskentoch.

redaksje. Ien fan de krityske Freonen freget him ôf hoe't de Omrop dy ôfwaging makket. Omrop Fryslân hat dêrby de beskikking oer harksifers, mar dy binne op regionaal nivo net altyd like goed te mjitten. In nij inisjatyf is it eigen panel dêr't de Omrop op 16 jannewaris mei úteinsetten is. Wy hoopje oan de hân dêrfan de kommende tiid noch better ûndersykje te kinnen hoe't wy de harkers fan de radio sa goed mooglik betsjinje kinne.

Jan Dirk de Haan, Koördinator Radio

FRYSLÂN KIEST

Op woansdei 15 maart mei hiel Fryslân wer nei de stimbus om de nije leden fan de Provinsjale Steaten te kiezen. Yn it programma 'Fryslân Kiest' bringt Omrop Fryslân de prognoazes, útslaggen en analyzes by de ferkiezingsen.

Yn it foar, fan 6 oant en mei 10 maart ûntfange Andries Bakker en Eric Ennema yn de studio fan 'It Polytburo' tal fan gasten. De gasten en

listlûkers fan de ferskate partijen sille debattearje oer ûnderwerpen dy't op it stuit bot spylje, ek by de ferkiezingsen. Lykas miljeu, stikstof, hege prizen en de soarch.

Op de ferkiezingsdei sels, woansdei 15 maart, steane de ferkiezingsen de hiele dei sintraal by Omrop Fryslân. Fia in liveblog is alles de hiele dei te folgjen, mei opkomstsifers, reaksjes en útslaggen. Jûns is in ferkie-

zingsútstjoering mei de útslaggen te sjen, live út it Provinsjehûs wei. De dei nei de ferkiezingsen, 16 maart, is der ek in liveblog op de webside mei mear reaksjes en fierdere útslaggen.

De debatten yn 'It Polytburo' binne fan 6 oant en mei 10 maart om 17.15 oere te sjen by Omrop Fryslân. Woansdei 15 maart stiet online, op telefyzje en op radio al it nijs om de ferkiezingsen hinne sintraal.

Fryslân kiest

NIJE FRAACH FOAR DE FREONEN

Hawwe jo de debatten yn it Polytburo yn de oanrin fan de ferkiezingsen folge by Omrop Fryslân en yn hoefiere hawwe dy jo holpen by it meitsjen fan in kar?

Yn it Omrop Fryslân Panel wurde dielnimmers wiidweidich útfrege oer de rol fan Omrop Fryslân by de ferkiezingsen. Wolle jo meitinke? Jou jo no op fia Omropfryslan.nl/panel.



YN NIJE SEARJE OP 'EN PAAD MEI DE PLYSJE

Fan binnenút op 'en paad mei de plysje is fan 6 maart ôf te sjen op telefyzje by Omrop Fryslân.

As earste regionale omrop fan Noard-Nederlân folget Omrop Fryslân de plysje yn syn wurk. Yn it programma 'Fan binnenút op 'en paad' mei de plysje rint presintatrise Miranda Werkman mei de plysje yn de gemeenten Súdwest-Fryslân en de Fryske Marren mei en bringt se yn byld hoe't it plysjewurk der echt oan ta giet.

Yn 'Fan binnenút op 'en paad mei de plysje' krijt de sjogger fan minút oant minút in yndruk fan it wurk fan de plysje. Dêrnjonken komt ek de persoanlike kant fan de plysje-aginten foarby.

Plysjeminsken skeakelje fan in heftige situaasje dêr't in bern syn âlder by ferliest, nei in lytse oanriding tsjin in pealtsje. Se binne altyd alert, mar der

is ek romte foar humor. As sjogger krijt it gefoel datst meirydst yn dy plysje-auto.

Alle moandeis om 17.15 oere.

Tink mei oer Omrop Fryslân en meld jo oan foar it panel

As ynwenner fan Fryslân, brûker fan ús media en Freon fan Omrop Fryslân binne wy benijd wat jo fan Omrop Fryslân fine. Begjin jannewaris is dêrom it Omrop Fryslân Panel opsetten.

Elkenien dy't graach meitinke wol oer de takomst en de programmearring fan Omrop Fryslân kin him no ynskriuwe.

Omdat der fansels gjin groep is dy't mear belutsen is by Omrop Fryslân

as de Freonen, wurdt it tige op priis steld as safolle mooglik Freonen lid wurde fan it panel. Panelleden fan Omrop Fryslân kinne harren miening jaan en sa kin Omrop Fryslân him hieltyd wer ferbetterje.

As dielnimmer oan it panel krije jo ûngefear 10 kear yn it jier fia e-mail in enkête. Oanmelde foar it panel fan Omrop Fryslân kin fia www.omropfryslan.nl/panel.



